

Workshop toaniel.

In oantal wyken lyn hawwe jimme allegear een flyer yn de bus krygen mei de útnoeging foar een toanielworkshop. Ek op de skoalle yn Bitgummole hat de bovenbouw een moaie flyer krygen.

Spytich genoach wiene d'r net in hiel protte oanmeldingen. Hjirtroch koe de workshop foar de folwoeksenen net trochgean. We hawwe de bern allegear by elkoar set sadat dat wol trochgean koe.

Op freed 25 novimber wiene d'r dan ek 7 fammen dyt fol enthousiasme oan de toanielworkshop dielnaam ha.



Ûnder lieding fan Janet Rekken út Menaam binne se om goed 19:00 oere útein set.



D'r stûn genoach op de planning....

Earst wat ûnwennich mar stadich oan koene se it allegear wol wat loslitte.



Mei oefening en spul leare je hoe as je nou eins dwaan moatte as je toaniel spylje.



Lûd mar seker ek dúdlik prate is ek wichtich.



Janet hie wat attributen meinaam . Troch een jurk, jas as een hoed op te setten kinne je je better ferplaatse yn ien oars.

Sa begjinne je mei ymprovisaasje toaniel. Koarte toanielstikjes betinke. Je fantasy brûke, al is dat net foar een ieder sa maklik.



Se hawwe fan alles by it ein hân.



D'r wie ek tiid foar een pauze mei wat lekkers fansels.



Sa as jim sjen kinne wie it in tige slagge jûn. Om goed njoggen oere wie it alwer dien.

As toanielselskip kinne we dus ek allinne mar enthousiast werom sjen op dizze jûn.

We gean dit seker faker dwaan en we hoopje fansels dat d'r dan noch mear jeugd oanjekket. Wellicht dat we dan ris een moai jeugdстик spylje kinne.

Ek de folwoeksenen gean we nochris besykjen. We kinne noch wol wer wat nije leden brûke by ús feriening en hoopje jimme dêr enthousiast foar te meitsjen.

Mocht ien nou al tinke dit fyn ik leuk. Nim gerust contact mei ús op. (Petra Fopma 06 23 600 505)

Groet, Toanielselskip "Nieuw Leven" Ingelum